

HARKE BREMER & JARICH HOEKSTRA

IT SMELLE ÛNGELOK

25 BALLADEN

BORNMEER

Ynhâld

Ballade fan 'e wiffens fan it minskene bestean	6	Ballade fan it minskene beskik	32
Ballade fan it smelle ûngelok	8	Ballade fan 'e besmodzge eare	34
Ballade fan 'e rjuchtoppe gong	10	Ballade fan 'e ferantwurde ytgewoanten	36
Ballade fan it âldsear	12	Ballade fan it weibrochte guod	38
Ballade fan 'e destruktive krêften	14	Ballade fan 'e tsjintwurdichheid fan geast	40
Ballade fan 'e grutte reis	16	Ballade fan 'e tekstile feardichheden	42
Ballade fan 'e snoek	18	Ballade fan 'e opskuorde toffel	44
Ballade fan 'e fersittene kânsen	20	Ballade fan 'e rjochte proporsjes	46
Ballade fan 'e lytse oarsaken	22	Ballade fan it selektyf ûnthâld	48
Ballade fan it Olympysk ideaal	24	Ballade fan 'e jeld	50
Ballade fan 'e lytse man	26	Ballade fan 'e dingen dy't foarbygeane	52
Ballade fan it berutsen fjoer	28	Ballade fan 'e pommeranten fan alear	54
Ballade fan it tebrutsen libben	30		

Ballade fan 'e wiffens fan it minskene bestean

In einepyk, mar kwealik út it aai,
moat eangje dat in snoek of rô't him fret.
Sa gau't men berne wurdt, is men al faai:
men wurdt yn 'n kuorke yn it wetter set
of heit of mem dy smyt jin fan 'e flet.
Men hat oan 't hert in tige selsum foutsje,
de operaasje sit net yn 't pakket.
It libben hinget oan in rottich toutsje.

Men giet te swimmen yn in blauwe baai
en sjucht it buordsje 'Haaien!' krekt te let.
Of ien fermoardet jin moarn mei in slaai,
omdat er dêr sa'n aardichheid oan het
of om't de kleur him tsjinstiet fan jins pet.

En jout men yn 'e disko ien in blautsje,
bedarret men yn 'n kelder oan in ket.
It libben hinget oan in rottich toutsje.

Men fytst swietfleurich oer de Easterkaai
(de lêste kears, mar dat wit men noch net),
dan komt fan rjuchts dy reade Hyundai
en men leit op it asfalt en ferblet.
Of men sit noflik yn in jumbojet
en dy ferliest ien skiterich lyts boutsje
en dat is dan de reden dat men stjert.
It libben hinget oan in rottich toutsje.

O Grutte Spylder, dy't ús paad útset,
wy binne op jins damboerd mar in houtsjie
en yn jins poppekast in marjonet.
It libben hinget oan in rottich toutsje.

Ballade fan it smelle ûngelok

It is heechsimmer en in broeiske dei,
at in fereale pear te fytsen giet.
Mar op 'e romte, op in núnderwei,
dêr docht syn foarste bân ynienen pfft!
Dan komt de bui ek noch en dweiltrochwiet
sko se de fytsen ûnder in ôfdakje.
Dêr konstatare se: in pypgat die it.
In ûngelok sit op in hiel lyts plakje.

It reint no dat it east oan ien tried wei
en it is o sa smûk, sa't men dêr stiet.
Se komme inoar allinken tige nei
en op it lêst komt it ek ta de died,
mei in kondoom (in wiis jongkeardel wie it).

Dêrnei smyt er it ding fuort mei it kwakje,
mar sjucht it pypgat net dat der yn siet.
In ûngelok sit op in hiel lyts plakje.

Twa moanne letter dielt se him bliid mei:
hy hat - fylsteard! - it túntsje yn it sied.
Mar de jongfeint, no helte minder glei,
dy hâldt in boask noch efkes op beried,
bekroadet him gjin tel om har fertriet,
tinkt by himsels: "Elk draacht syn eigen pakje",
dûkt ûnder earne tusken Boer en Ried.
In ûngelok sit op in hiel lyts plakje.

Och Earrebarre, jo bringe ús op ierd',
itsij as winskbern of as ûngemakje,
oan 'e goudkust of yn in rampgebiet.
In ûngelok sit op in hiel lyts plakje.

Ballade fan 'e rjuchtoppe gong

Men moat as bern earst al it rinnen leare,
wylst men krekt lekker yn 'e widze lei.
Wêr hellen jo by 't skeppen, leave Heare,
't idee fan 'e rjuchtoppe gong doch wei?
"Kom hy by mem!" ropt se mei lûd gegei
en stroffelje ik, hat sy de measte wille.
Oant hjoed hear ik ús heit noch, doe't er sei:
"Toe jong, do moatst de fuotten wat optille!"

It komt safier, dan moat men jin ek skeare
en ringen komt dan ek de swarte dei,
dan moat men sjitten leare en marsjeare
en dy leadswiere rêchsek dy moat mei.
Men bûkelet sân oeren oer de hei-

de, dy't men ea besong as 'grutte stille'.
No raast sersjant en ropt jin efternei:
"Toe jong, do moatst de poaten wat optille!"

Hè hè, men sit en wol ferdiveare,
wat nei in dei te fiskjen ek wol mei.
Men hat jin yn 'e briedstoel ynstalleare
en boartet dêr sawat mei de game boy
en dûzet wei en dreamt fan snoek en blei.
Dan wurdt men wreedwei út 'e dod opskrille:
de frou komt mei de Nilfisk jin tenei:
"Toe jong, do moatst de fuotten wat optille!"

Maître de danse, it is ús ienderlei,
wy doge net ta gigue en quadrille!
Yn ús sit gjin ferhef, sis nea tenei:
"Toe jong, do moatst de fuotten wat optille!"

Ballade fan it âldsear

De lytse Jildo is de tún yn kommen
en sit te boartsjen op it sêfte moas,
fernuveret har mei de moaie blommen
en docht in rûkje oan in Frânske roas.
Dêr siet no krekt in bij, dy stekt har boas.
Se balt en mem is dêrmei ûnderweis
en jout in tútsje op 'e skeinde noas,
mar de angel dy bliuwt stykjen yn it fleis.

Smit hat syn tsiende bearenburch útnommen;
de stimming is geweldich op 'e soas!
No stekke him omraken de breakrommen
en hy seit tsjin De Vries studintikoas:
“Sjochst dêr dy faam? Krekt in nylhoars!”

It neamde dier is just De Vries syn Joyce.
De Vries gniist wat en hy sjocht oars noch oars,
mar de angel dy bliuwt stykjen yn it fleis.

Twa maten ha in weinfabryk yn Ommen
dat skelters makket út in koekjedoas.
De CFO gûchelt mei grutte sommen
(de CEO jout him tefolle loas),
mei in konsjinsje as in poepehoas
taakt er it jild, ferdwynt op sakereis.
De oar bout no de Tesla trijedoars,
mar de angel dy bliuwt stykjen yn it fleis.

Heare, men docht jins bêst wol en besmoar s',
de trauma's dy't jin pleagje nachts en deis,
ferdrinkt it leed yn bessen of bramboas,
mar de angel dy bliuwt stykjen yn it fleis.

Ballade fan 'e destruktive krêften

Wip, touter, glydsbaan en mear fan sok reau,
dy jouwe it lytse folkje grutte nocht,
dat lykwols by har bluisterich bedriuw
komselden dêrfan de gefaren sjocht,
sa't hjir oan Jappy Damstra bliken docht,
at er dy klimrakstrime krekt misroait.
De knibbel skyld, docht juf oan mem berjocht.
Hoe mannich broek is sa al net rampoaid!

Net elk is sa sekuer as wy en jo:
twa autospuiters, Wibe-Jan en Brjocht,
binne teset oer in skurve Renault.
Hja ha gjin mûlekapke foar (wêrtroch't
it sloaiersspan bytiden aaklik kocht)

en grieme dêr mar frijwat ûnberoaid
mei lak, fertinner en oar frettend focht.
Hoe mannich broek is sa al net rampoaid!

At wy de tillefyzjefilmen leau,
dan bin fereale lju langer poersljocht
en is it by sokken de moade no,
dat men net earst ris kalm de klean úttsjocht
en oan in stokje hinget, kreas en rjocht,
mar 't spul (tefoaren mei sin skikt en ploaid)
fan 't liif ropt, dat it knoopwurk dernei fljocht.
Hoe mannich broek is sa al net rampoaid!

O stoere Rambo, dy't yn Fjetnam focht
en rij mei bommen en grenaten goait!
Hoe mannich man giet dêrby om 'e bocht!
Hoe mannich broek is sa al net rampoaid!

Ballade fan 'e grutte reis

't Is healwei fjouweren at de bus wer hâldt.
Se komme fan Slagharen en no sille
se noch nei Tjaarda yn Oranjewâld,
de skoallereis fan KBS 'De Skille'.
Wat ha se it moai! Benammen lytse Hille,
want dy ferknoffelt al nei trije tellen
it ankel en juf Geartsje moat him tille.
Dy't reizget hat in protte te fertellen.

Oars neat as kij yn 't grien en wiuwend nô!t!
Hille is mei achttjin jier it nearzige stille
doarp njonkelytsen wol sa sêd as grôt.
Hy wol de wrâld út mei bakkers Sybille!
Mar heite Ford is krekt oer de doarpstille,

dan fljocht har al in hazze foar de tsjellen.
It bist giet mei nei hûs en wurdt dêr grille.
Dy't reizget hat in protte te fertellen.

Flylân is moai, mar gauris wiet en kâld
en ferline jier, doe waaide it dat it lille,
en yn it húske seach Sibbel in rô!t ...
Hille en sy ha fuort de taksje skille.
Se sei, wylst se noch op 'e skonken trille,
tsjin heit en mem, dy't har yn Harns ôfhellen:
"Hy siet te poatsjewaskjen op 'e brille!"
Dy't reizget hat in protte te fertellen.

O Wegewacht, jo wienen ús stees tewille,
jo kamen alle kearen dat wy bellen.
Al stienen wy ek stil, 't koe ús neat skille.
Dy't reizget hat in protte te fertellen.

Ballade fan 'e snoek

Der wie in echte Fryske jonge, Merten,
dy't mei syn kammeraten yn 'e Broek
by 't winter gie te riden op 'e petten,
en dêrby helle er wolris in snoek.
Dan moast er fuort op bêd mei in hite krûk,
om't mem wie bang dat er him oars ferkâlde.
Al wurde kletstrochwiet boesgroen en broek,
men moat de holle boppe wetter hâlde.

At der wer wat te sûpen wie op pretten,
hy wie der altyd by as in âld roek.
Moandeis op 't wurk fansels neat by te setten
en ek noch in flesse yn 't laad temûk.
Sels op it húske hearden se 'glûk glûk'.

En op in jûne die er mei syn âlde
Peugeot yn 'e Falomsterfeart in dûk.
Men moat de holle boppe wetter hâlde.

Syn libben lang hat er dat net fergetten
en seach er earne wetter, seach er spoek.
'k Begjin in nij bestean, hat er besletten.
It moat út wêze mei dat drankgebrûk.
Yn hydrotechnyk waard er tige tûk.
Hy warskôge: "De diken bin ferâlde!
Hâld tsjin 'e wylde weagen jimmer hoek!
Men moat de holle boppe wetter hâlde."

O Matterhorn, wêr is dyn wite prûk?
De seeën stige, it waar is út 'e fâlde.
It lâniis teit yn Niaqornaarsuk.
Men moat de holle boppe wetter hâlde.